Na dertien van de in totaal twintig klassementswedstrijden staan alle gerenommeerde topklassers nog met lege handen. De rookies Germ Terpstra uit Tzum (achtmaal) en Michiel Zijlstra uit Oosthem (vijfmaal) verdeelden de dagtitels. Wat is het verhaal van de vijf 'besten van de rest'?



De winnaars van het Keningsljeppen in Burgum met van links naar rechts Janna Galema, Michiel Zijlstra, Jorrit Bouwstra en Femke Rispens. Foto onder: Michiel Zijlstra is op weg naar de winst. FOTO'S: DIJKS MEDIA

# 'Germ en Michiel springe bespotlik fier'

EDWIN FISCHER

Eerst wat cijfers en vergelijkingen. In 2025 wisten zes verschillende fierljeppers in de eerste twaalf FLB-klassementswedstrijden een dagtitel te winnen. De inmiddels gestopte Ysbrand Galama uit It Heidenskip was een van die zes winnaars. De overige elf zeges werden verdeeld tussen Bauke de Jong (vijf dagtitels), Freark Kramer (drie overwinningen), Rutger Piersma, Sytse Bokma en Rutger Haanstra (alleen eenmaal). De dertiende titel werd door Michiel Zijlstra gewonnen. Hij pakte als junior in Burgum de zege in het Keningsljeppen.

Opvallend is dat (bijna) alle winnaars van het vorig seizoen dit seizoen in de eerste twaalf ljepperijen beduidend minder ver springen dan in dezelfde cyclus van 2025. Voeg daarbij de volledige suprematie in afstanden van de debuterende senioren Germ Terpstra en Michiel Zijlstra – beiden verbeterden hun persoonlijk record inmiddels naar respectievelijk 22,11 en 21,71 – en het is duidelijk waarom de gevestigde namen nog geen wedstrijd wonnen.

Hoe staat het nu met de motivatie van de 'verliezers'? Of wordt alles nog anders in de resterende wedstrijden? Met uiteraard de grote ljepperijen als de NFM, het Fries kampioenschap en het Nederlands kampioenschap nog in het verschiet. De visie van de vijf zelf:

**BAUKE DE JONG (28)**
**Parrega, persoonlijk record 21,65 (Burgum, 21-06-2025):**

„We moatte hiel fier springe om te winnen. Ferline seizoen, sûnder Germ en Michiel, hiest mei in sprong fan tweintich en in heale meter noch kâns om in deititel te pakken.

It motivearret enoarm om dysels te ferbetterjen. Mar safolle tiid om te trainen ha ik net. Dêrom besykje ik tûk, dus hiel effektyf te trainen. Sels ha ik fanwege in swiere ankelblessuere gjin goede tarieding op dit seizoen hân, mar de foarm sit der no oan te kommen.

Ik bin lang om let topfit en ik ferwachtsje echt dat we yn de restearjende tsien wedstriden spannender wedstriden krije sille as oant no ta."

**FREARK KRAMER (28)**
**It Heidenskip, persoonlijk record 21,45 (It Heidenskip, 23-07-2025):**

„It is hiel knap wat Germ en no ek Michiel prestearje. Se stean der alle wedstriden, springe alle wedstriden hiele fiere ôfstannen. Sels wit ik wat ik kin. Dat is ek in dikke ienentweintich meter springe. En dat sit der oan te kommen.

Yn it begjin fan it seizoen iepenbiere him in skouderblessuere dêr't ik no folslein fan wersteld bin. It gefoel is al goed, allinnich moat it allegear teplak falle. Fansels is fan dy manlju winne dreech, mar it motivearret ek. Ik sjoch it dan ek net barren dat Germ en Michiel alle wedstriden winnen bliuwe."

**RUTGER PIERSMA (28)**
**Koudum, persoonlijk record 21,08 (Winsum, 19-08-2023):**

„It is simpel, mei Germ en Michiel derby moatte de oaren in maksimale sprong meitsje. Oars winne wy net mear. Mar sjochst dat jonges as Bauke, Freark en Sytse deroan komme en meidwaan sille om de prizen.

Sels bin ik hielendal net ûntefreden. Ik kom altyd stadich yn foarm. Ik bin sawiesa gjin konstante springer lykas Germ en Michiel dat wol binne, der alle wedstriden stean. Mar ik kin wol pike.

Wa bringt him oer tsien jier yn it sin wa't no it klassemint wint? Gjinien. Mar wol wa't Frysk kampioen wurdt. En nei trije Fryske titels sjoch ik net yn wêrom't ik aanst net de fjirde pak. Dat is myn motifaasje."

**SYTSE BOKMA (31)**
**Hindeloopen, persoonlijk record 21,13 (It Heidenskip, 02-07-2022):**

„Se springe bespotlik fier. Alle wedstriden wer. Hiel knap hear. Soest it wol positive jaloersksens neame kinne, want ik kin dat net. Al bin ik hielendal net ûntefreden mei hoe't ik dit seizoen spring.

Ik ha wol fanatyk oan it trainen west, mar net mei de yllúzje om te winnen. Want mei de komst fan Germ en Michiel wist ik wol dat sy oerhearskje soene. It ûntnimt my de wille net hear. Ik haw al in doaze of tsien mei bekers.

*'Ik ha wol fanatyk oan it trainen west, mar net mei de yllúzje om te winnen'*

Ik spring foaral om't it in prachtige sport is, de sfear ûnderling super is en dus foaral foar myn eigen wille."

**RUTGER HAANSTRA (22)**
**It Heidenskip, persoonlijk record 20,76 (Buitenpost, 02-08-2024):**

„Sels haw ik lang riden te kleien. Ik woe te gau in stap sette, bygelyks troch myn oanrin langer te meitsjen. Dêr ha ik no de tiid foar naam en ik fernim dat it der no oan sit te kommen.

„Mei Germ en Michiel wist ik wol dat ik foaral foar mysels springe soe. Mysels ferbetterje. Myn doel is om 21,50 te springen dit seizoen. As my dat al slagje soe dat wol dat net sizze dat ik dy wedstriid ek win omdat Germ en Michiel sa maklik dy hege ienentweintigers notearje. Dochs ferwachtsje ik dat de top breed wurdt de kommende wiken."



## Michiel Zijlstra prolongeert titel bij Keningsljeppen

**Vorig jaar verraste Michiel Zijlstra de complete seniorentop door als junior de Keningstitel te veroveren. Nu was de eerstejaars senior favoriet en hij maakte die status op de Burgumer schansen volledig waar.**
**Na een prachtig persoonlijk record van 21,71 meter in de voorronde, pakte Zijlstra in de finale met 21,21 de eerste aansprekende prijs van dit seizoen. Bauke de Jong uit Parrega kwam met 21,07 meter als enige een beetje in de buurt van de Oosthemmer, die zijn vierde zege op rij boekte.**
**Ook de titel van Prins bleef in handen van de winnaar van vorig seizoen. Jorrit Bouwstra won de twintigste aflevering van het Keningsljeppen. De Redúster noteerde in de voorronde een pr van 19,93 meter en was ook in de finale met 19,41 een klasse apart.**
**Zijn zus Sanne Bouwstra leek op weg naar de titel van Keninginne. Zij sprong in de voorronde ook al een pr (16,40), maar kwam in de finale niet verder dan 15,22. Dat was niet voldoende om Niehovense Femke Rispens van de titel af te houden. Zij sprong exact 1 centimeter verder.**
**Janna Galama uit Workum mag zich een jaar lang Prinses noemen. Haar 14,22 was ruim voldoende voor de titel.**